

PARSEBERJOCHT

21 juny 2007

Protest fan de FFU tsjin ûntfryskjende basisskoallen

De Feriening Frysk Underwiis stiet der by ynspeksje, Deputearre en Provinsjale Steaten op oan om yn aksje te kommen as skoallen it Frysk net serieuus nimme en dat sels ek noch yn de parse witte litte. Sa naam basisskoalle 't Foarhûs net iens de muoite om te reagearjen op it ûnderboude pleit fan de FFU om nochris kritysk nei it taal- en ûnderwiisbelied op dy skoalle te sjen.

Yn desimber hat de FFU reagearre nei 't Foarhûs yn Drachten nei oanlieding fan ûnkrekte útspraken fan de direkteur yn de parse oer it ûnderwiis yn it Frysk. Hoewol't de FFU twa kear besocht hat om op grûn fan de wetlike posysje fan it Frysk yn diskusje mei dy skoalle te kommen, hat de skoalle en syn bestjoer, ek nei in twadde brief fan FFU-kant, oant no ta gjin reaksje jaan wollen. Soks achtet de FFU sûnder mear ûnfatsoenlik en skandalich. Noch slimmer is it lykwol dat de bern op sa'n skoalle net tarist wurde op de twatalige situaasje yn ús provinsje.



De FFU is fan betinken dat sokke skoallen hurd oanpakt (mei kontrôle en sankjes) wurde moatte troch de ynspeksje en ek dat de provinsje op it mêd fan de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer gâns mear te fertellen hawwe moat.

De FFU tinkt dat ek de media dêr in sinjlearjende rol by hawwe kinne. Om dy reden lit de FFU de parse de oanbelangjende iensidige korrespondinsje takomme.

Bylagen:

FFU-brieven fan 18 desimber 2006 , 12 maart 2007 (no ek by 'brieven' oan te klikken op it FFU-webstek: www.fryskebeweging.nl → FFU) en 20 juny 2007; brief oan DS en PS, 21 juny.

Ofskriften:

(1) de Ryksynspeksje foar it ûnderwiis; (2) DS en PS fan Fryslân; (3) de media (LC, FD, OF).

Neiskrift FFU:

Sjoch ek by 'Brieven 2007 útgien', 20-06-2007 → **Kristlike basisskoalle 't Foarhûs (Drachten): 'Fries'(3)**, de beide eardere FFU-brieven oan 't Foarhûs (18-12-2006 en 12-03-2007), it FFU-brief oan de Ynspeksje fan it Underwiis (21-06-2007) en it FFU-brief oan de Steaten fan Fryslân (21-06-2007).